

Waskemeer's Doarpslied

Tekst en muzyk
Fan, Joh. Krings



Tusken Bakkefean en Haule,
Leit in Doarpke nei ús sin,
Der is fêst gjin plakje op ierde, Der't min sa goed wêze kin.
't Is wol ald, mar jong fan jierren, 't Leit sa smûkjes oan de feart,
Yn it súden en it westen,
Hat min fan ús doarp noait heard.

Refrein

Waskemeer, Waskemeer,
Parel fan ús Fryske Wâlden, Waskemeer, Waskemeer,
Wy sil altyd fan dy hâlde.

Né, wy sill'dy noait forjitte,
Doarpke yn Eaststellingwerf,
En al moat wy dy forlitte,
Dy bliuwst doch ús aldfoars erf. Mei dyn âlde en nye huzen,
Trije skoallen bist do ryk,
Do bist foar ús ien út tûzen,
Want gjin doarp is dy gelyk.
Refrein

Tritich-kilometer zône,
Feiligheid stiet hjir foarop.
En in luxe strjit-ferljochting,
Nou der knapt us doarp fan op.
Al dy moaye nije huzen,
Op it plan fan d'ald febryk,
En in neie kuierbrêge,
Elkenien fyld him hjir ryk.
Refrein

